


„Fjildrop“

Maitiid 2019
Nûmer 86







Fjildrop



Van de redactie

In deze Fjildrop is er veel aandacht voor het jubileumjaar van Fûgelwacht Trynwâlden. Daarom noemen we in dit voorwoord, voor zover we hebben kunnen nagaan, de redacteuren van het mededelingenblad en de Fjildrop: Anne Osinga, Gerben Sjollema, Inge van der Zee, Henk Minkes, Hans Slot, Jan Popma, A. Zijlstra, Jan Stienstra, Willem Bil, Tjeerd Geertsma, Jaap Visser, Jaap de Vries, Johannes Wieggersma, Thaddeus Oosterbaan, Ed Bosloper, Jan Faber, Corrie Brandsma en Piet de Vries.

Ook werden tot een bepaalde datum de namen van de typemedewerkers vermeld: T. Wieggersma-van der Kooi, Jaap Visser, A. Lageveen, Jan Popma, A. Zijlstra en Thaddeus Oosterbaan. Schijnbaar was na een aantal jaren dit niet meer nodig óf de redacteuren deden zelf het benodigde typewerk.

Na de oprichting werd eerst gestart met een mededelingenblad, na 5 keer werd dit de Fjildrop. Hoe de naam Fjildrop werd gekozen kunt u lezen in het jubileumstuk van Henk Minkes.

Veel onderwerpen kwamen voorbij, zo waren de puzzels van Gerben Sjollema jarenlang een vaste waarde in de Fjildrop, daar kwam veel respons op. Misschien omdat er een prijsje voor de goede oplossing aan was verbonden?

Ook de gedichtjes van Anne Osinga waren bijzonder. We plaatsen er enkele van in deze Fjildrop. Mede door de adverteerders kon het blad door een drukkerij gedrukt worden. Vanzelf vanaf deze plaats daarvoor hartelijk dank.

Ook dank aan alle leden die voor mooie kopij zorgden zodat de FR gevuld werd. We hopen als redactie natuurlijk dat ze hiermee doorgaan. Het valt op deze plek niet mee om alles op te noemen wat er aan losse en vaste schrijvers is gepubliceerd in de Fjildrop. Vandaar dat we dit ook achterwege laten.

Bij het doorbladeren van de oude Fjildrops valt ons op dat de laatste jaren de Fjildrop aanmerkelijk meer Friestalige artikelen bevat. Enkele vaste schrijvers hanteren het Fries.

Voor niet-Friestaligen kan het lezen van interessante stukken misschien een probleem zijn. We proberen hiervoor een oplossing te vinden. Misschien een vertaalknop op de site?

Groetnis,
Corrie Brandsma en Piet de Vries

Inhoudsopgave Fjildrop Maitiid 2019

Noeging maitiidsledegearkomste	4	40 jier Fûgelwacht Trynwâlden	16
Programma 40 jier Fûgelwacht	5	Gedichten Anne Osinga	25
Ferslach hjerstsledegearkomste	6	Alles feroaret	26
Bestjoersmeidielingen	7	Bijzondere meldingen	28
Jeugd en edukaasje	9	Excursie Havelland	29
Financieel overzicht 2018/2019	10	Fûgelnijs Grote Wielengebied en omstreken	35
Ulen en rôffûgels nijs	13	Swalkôffal	36
Briedsoarch	15	Koolmees	37

Contributie			Banknummers:	
Volwassen leden	minimaal € 7,50	echtparen € 7,50	Rabobank	NL45RABO0362720657
Jeugdleden	minimaal € 4,00			
Leden buiten Trynwâlden	minimaal € 11,00	echtparen € 11,-		

Tekening omslag: K.J. Visser

Vogelopvangcentrum:
Fûgelhelling Ureterp 0512-514328



Fjildrop



Maitiidsledegearkomste Fûgelwacht Trynwâlden

Tongersdei 28 maart 2019 om 20.00 oere yn
"De Trochreed", Boskwei 27, 9067 DM, Readtsjerk

Aginda:

- 1 Iepening
- 2 (Bestjoers-)meidielingen en ynkommen stikken (yn dizze Fjildrop op side 7)
- 3 Ferlach ledegearkomste 1 novimber 2018 (side 6)
- 4 Finansjeel jierferslach 2018 (side 10)
- 5 Ferlach kaskommisje
- 6 **Bestjoersgearstalling**
Oftredend en werkiesber: Geert Dijkstra en Corrie Brandsma. We binne tige wiis dat ús ponghâlder en ús haadredakteur fan de Fjildrop noch in perioade fierder wolle. We stelle dan ek út om harren opnij te beneamen.
Oftredend en net wer beskikber: Henk Minkes. Hij giet bûten it wachtgebiet wenjen. Der is noch gjin nije kandidaat fûn.
Ek noch fakant is it plak fan Henk Dijkstra. Ek hjirfoar is noch gjin nije kandidaat fûn. Wij hearre graach of jimme kandidaten hjirfoar witte. En jimme sels beskikber stelle kin fansels ek! Mochten we noch kandidaten fine dan hearre jimme dat op de gearkomste.
- 7 **Neisoarch**
- 8 **Jeugdfûgelwacht** (side 9)
- 9 **Ekskurzjes**
- 10 **Omfreegjen**
- 11 **Skoft mei ferlotting.**
- 12 **Presintaasje troch ús natuerfotografen Jappie Seinstra en Lubbert Boersma**
Téma's:
- de natuer yn en om de Trynwâlden yn 40 jier.
- aktiviteiten fan de wacht
Dizze betûfte fotografen litte it beste fan harren wurk troch de jierren hinne sjen!!
- 13 **Slúting**

40 jier -Fûgelwacht Trynwâlden- 40 jier

SOLDAAT
AUTOSCHADESPECIALIST

NIEUWESTRAATWEG 67 - 69
9061 CM GYTSJERK
TEL.: 058 256 12 45
FAX.: 058 256 19 99

FOCWA GARANTIEREGIJS
FOCWA NEDERLANDSE VERENIGING
VAN ONDERNEMERS IN HET
CARROSSERIEBEDRIJF



Fjildrop



It gûnzet al in skoftsje troch de Trynwâlden!!! De Fûgelwacht bestiet 40 jier en hat op 13 april in feest yn Stania State.

It nijs hat yn alle doarpskranten stien, it is te folgjen op ús webside: www.fugelwacht-trynwalden.nl en it wurdt hûs oan hûs ferspraat. Hjir ek yn de Fjildrop, ús eigen krante.

Programma punten:

Moarns:

Ekskurzje Bouwepet, wetterfûgeltelling. Start 9.30 oere, by it Stienenmonumint op de Halligenwei. Tiid +/- 2 oeren. Learsens en kiker meinimme.

Foarôf opjaan. Pyt en Jappie binne oanwêzich.

Greidefûgel ekskurzje by skiepeboer Hessel Boersma. Splis lân (Plas -dras) oanwêzich.

Lamkes en skiep, Fan 10.00 oere oan't 12.00 oere. Kiker meinimme. Foarôf opjaan, by grutte belangstelling ek op de middei moochlik oant 15.00 oere.

Ekskurzje Fûgelhut "Lysdobbe" by It Aventoer oan de Wynzerdyk. Greidefûgels en plas dras.

Iepen om 10.00 oere. Henk Oud is oanwêzich.

Ekskurzje Betty Kooistra yn Park Stania State e.o. tusken 10.00 oere en 12.00 oere.

Middeis:

Fanôf 13.30 oere

foar folwoeksenen

- ◇ **Foto's** fan Lubbert Boersma en Jappie Seinstra yn seal Stania State.
- ◇ **Beamklimmen** troch Kevin Bosma yn it park. Klimme mei touwen. Demonstraasje.
- ◇ **Einakoer flechtsje** troch Rypke Glas en Hindrik Kooistra.
- ◇ **Ringgroep Bergummermeer**: presintaasje. (Power point) en útlis CES ringprojekt.
- ◇ **Feiling bylden en fûgels Jan Faber**. Sjoch op de webside wat der te keap is. Om ca. 15.30 oere
- ◇ **Ynformaasje merke**;
 - * **BFVW** stand
 - * **Noardlike Fryske Wâlden** mei ynformaasje
 - * **Fûgelwacht Trynwâlden** mei briedsoarch, neisoarch en boekenferkeap
 - * **It Fryske Gea** mei eigen ynformaasjewein
 - * **Trynergie** mei ynformaasje
 - * **Wetterskip Fryslân** mei ferteller, fjildman Abel de Boer.

Foar de bern:

- ◇ **Nêstkast timmerje** en ynsekten hotels meitsje.
- ◇ **Polsstôk springe** droech oefenje fanôf ferheging.
- ◇ **Fjildwurk kisten**: sels útsykje en ûntdekke hoe as de natuer yninoar stekt.

Ofslúting:

Feastlike gearkomste nei ôfrin fan de feiling. It begjint omtrint 16.00 oere yn de seal fan Stania State. Iepeningswurd troch foarsitter Henk Minkes.

Wy geane út fan moai waar, mar der komme tinten wêr't ien en oar yn plak fine sil. Oant sjen op 13 april.

Sjoch foar de nijste ynformaasje op de webside www.fugelwacht-trynwalden.nl
Dielname oan ekskurzjes graach opjaan op: educatie@fugelwacht-trynwalden.nl



Ferslach hjerstledegearkomste

Iepening

Om 20.00 oere iepent de foarsitter de gearkomste en hjit alle oanwêzichen wolkom. Oanwêzich binne 36 leden.

Foar it offisjele diel nimme wy earst efkes in momint om ús ferstoarn bestjoerslid Henk Dijkstra te betinken. Jierren lang hat hy, mei in protte nocht, warber west foar ús Fûgelwacht.

(Bestjoers-) meidielingen en ynkommen stikken

Gearstalling bestjoer: Sa't jimme begripe is der no in fakatuere yn it bestjoer.

De bedoeling is om it bestjoer nei de winter wer kompleet te meitsjen.

It soe moai wêze as immen himsels meldt by ien fan it bestjoer.

Ferhuzing foarsitter Henk Minkes fan Readtsjerk nei Burdaard op 01-05 2019.

Henk kin dan gjin foarsitter/bestjoerslid mear wêze, hy wennet bûten ús wachtgebiet. Dit betsjut dus noch in fakatuere.

Flater yn de Fjildrop: yn de Fjildrop wie datum, tiid en plak fan dizze gearkomste fergetten. Dêrom ha de besoargers dat derby skreaun.

BFVW: enkête ûnder leden/neisoargers oer taken fan it BFVW.

Rom 650 reaksjes, hjirby ek fragen oer aaisykjen:

"Is BFVW-ynset belangryk om dizze tradysje te behâlden?":

35% ja, dat is belangryk

42% nee, dat is net belangryk

24% net belangryk foar harsels, mar gunne it de oaren wol.

Op 10-04-1979 is de Fûgelwacht Trynwâlden oprjochte. Op 13-04-2019 komt der in iepen dei mei oanslutend in resepsje yn Stania State.

Henk lit in oantal ideeën sjen oer hoe we dizze spesjale dei mooglik ynfolle kinne. In jubileum kommisje giet hjir fierder ynfolling oan jaan. Wolle jo meitinke? Meld jo dan oan.

Ferslach ledegearkomste.

Om't der gjin bemerkings en oanfollings binne wurdt it ferslach fêststeld sa't it is.

Neisoarch

Jappy lit de resultaten fan de ôfrûne neisoarch sjen oan de hân fan moaie foto's. De grafyk is minder moai: de ljip en strânljip gean min, de skries en tjirk reedlik oant goed.

Jeugd en edukaasje

Pyt van de Polder sil mei de skoallebern fan Mûnein dwaande om nêstkastkes te meitsjen foar de readsturt.

Ek sil der wer besocht wurde om de oare skoallen in besite te bringen. Foar de skoallen stiet it ûnderwerp greidefûgels sintraal.

Ekskurzje

De neijers ekskurzje fan 2018 nei West-Havelland, ten westen fan Berlyn, wie tige slagge.

Mooglike lokaasje foar de ekskurzje fan 2020 binne de Mecklenburgische Seenplatte yn Noard East Dútslân.

Omfreegjen

Gjin omfreegjen mear.

Presintaasje

Arjen Billiam út Hurdegaryp jout in presintaasje oer it Bûtenfjild en de oarsprong, ûntjouwing en hjoeddeiske situaasje fan dit gebiet. It wie tige nijsgjirrich.

Healwei de presintaasje is der efkes skoft. Yn dat skoft wurdt de ferlotting hâlden.

Netto opbringst €120.

Sluting

De foarsitter slút de gearkomste om 22.00 oere en winsket elkenien wol thús.





Bestjoersmeidielingen

Henk Minkes

Jubileum Fûgelwacht Trynwâlden: 40 jier op 10 april 2019!!

Op 10 april 1979 is de Fûgelwacht Trynwâlden oprjochte. It is de gearwurking fan de eardere trije fûgelwachten yn de Trynwâlden. Dêr is fierder omtinken foar yn de Fjildrop. De jubileumkommisje (Pyt van de Polder, Max Slingerland, Hanske Dijkstra, Aafke Vogel en Agnes Mentink) hat in prachtige dei opsetten mei ekskurzjes en oare aktiviteiten. Jimme ha it programma lêze kinnen op it ynlisblêd yn it sakenblêd "Trynwâlden". Mar sjoch ek yn dizze Fjildrop op side 5

Kom allegearre op 13 april nei Stania State!!

Gearstalling bestjoer:

Oftredend en werkiesber: Geert Dijkstra en Corrie Brandsma. We binne tige wiis dat ús ponghâlder en ús haadredakteur fan de Fjildrop noch in perioade fierder wolle. We stelle dan ek út om harren wer te beneamen.

Oftredend en net wer beskikber: Henk Minkes. Dit om't er ferhuzet nei in plakje oan de Dokkumer Ie, krap in kilometer noardlik fan Burdaard. Bestjoersleden moatte neffens it húshâldlik reglemint út it wachtgebiet komme. Net dat ien dit reglemint fine kin op dit stuit, mar Jan Faber en iksels ha dat noch goed yn it ûnthâld. Der is noch gjin nije kandidaat fûn. Faaks kinne we in oergongsperioade ôfsprekke.

Fakant is noch it plak fan Henk Dijkstra. Der binne ek noch gjin nije minsken hjirfoar fûn.

Wij hearre graach of jimme kandidaten hjirfoar witte. En jimme sels beskikber stelle kin fansels ek! Mochten we noch kandidaten fine dan hearre jimme dat op de gearkomste.

Ekskurzjes

It idee is om yn oktober 2019 in reüny fan dielnimmers oan **alle** bûtenlânekskurzjes te hâlden. Dus fan 1983 ôf. De reüny is ek bedoeld foar de partners. Wij hearre graach de kommende tiid of hjir ynteresse foar is. Dat kinne jimme maile nei:

Johannes Mosselaar (johannesmosselaar@hotmail.com);

Marten van Dalen (mjvdalen@gmail.com) as nei

Henk Minkes (henkminkes@kpnplanet.nl).

Set dêr ek efkes bij of jimme film/foto's ha dy't fia in beamer te sjen binne (wy soargje foar beamer en laptop). Fia de mail meistjoere kin fansels ek. En foto's meinimme is fansels ek tige geskikt. Oer in datum, tiid en plak en sa komt nijer berjocht.

Fûgelmeldingen

Meldingen fan fûgels, planten en bisten yn en om de Trynwâlden kinne jimme trochjaan oan Corrie Brandsma (h.brandsma15@chello.com)

Te keap: Fûgelhokjes

Op de ledegearkomste en bij Pyt van de Polder thús (Boskwei 13, Readtsjerk) binne wer nêstkastkes te keap fan if fabriikaat Pyt van de Polder. En € 7.50 foar in hokje is net djoer!!

As jimme de hokjes no ophelje dan kinne se ek brûkt wurde troch de fûgels as winterslieplak. De oprisingst fan de ferkeap komt alhiel ten goede fan de wacht!



40 jier -Fûgelwacht Trynwâlden- 40 jier





OP 'T LANDGOED
STANIA STATE



**GENIET ALS IN
VERVLOGEN TIJDEN**

*Schuijf ook eens aan voor Koffie, Lunch,
Diner of kom Picknicken in het park!*

Bekijk alle mogelijkheden op www.staniastate.nl



 **Brasserie
De Canterlanden**
LUNCHROOM • SNACKPUNT • PARTYSERVICE

patat en snacks • plateservice • croissanterie
lunchroom • ijs, milkshakes & diverse ijscoupes

maaltijden • diner • gezellig zitten • receptie
partyservice • verwarmd terras • live muziek

Canterlandseweg 8, Gytsjerk
Telefoon: (058) 256 11 44

foar iters en drinkers en sa mear...



**bakker
v/d BERG**

Gytsjerk
Haven 1 • (058) 256 25 88

Burgum
Tsjibbe Geartsstrjitte 2 (0511) 46 12 82 • Markt 63 (0511) 46 13 27

Veenwouden
Hoofdstraat 21 (0511) 47 23 58

Hurdegaryp
Fuormanderij 7 (0511) 47 23 65 • Stationsweg 1 (0511) 47 23 18

Leeuwarden
Lieuwenburg 87 (058) 267 26 77

*De Warme bakker
om dagelijks
van te smullen!*



**DE BOER
SERREBOUW**

**VERGROOT UW
WOONCOMFORT**

Bouw uw droomserre samen met De Boer Serrebouw

058 256 2332
Andringasingel 13, Denkerk www.deboerserrebouw.nl



Jeugd en edukaasje

Pyt van de Polder

It falt net ta om de bern by it fûgelwacht barren te belûken en fan de smartphone los te wekjen. Hja komme hast net mear bûten om te boartsjen en om de natuer yn te gean wylst dat just goed is foar de ûntwikkeling fan ûnder oare de eagen. Troch in grut part fan de dei te digerjen nei it skerm fan laptop, tablet en smartphone krije de bern op jonge leeftiid al problemen mei it skerp sjen. Do kinst hast wol stelle dat de Fûgelwacht in moaie ynfolling hat troch faker mei de bern it fjild yn te gean, kennis meitsje mei de natuer en it bioferskaat. Hja stekke der in soad fan op. De smartphone kin hjir ta nut wêze troch tellingen fan fûgels fêst te lizzen en om lûden fan fûgels op te sykjen. Ek kinne der bygelyks planten en ynsekten opsocht wurde mei ferskillende apps. Dan wurdt de smartphone ek noch ris oars brûkt as mei spultsjes en sa.

Mar om dit plan aktyf út te fieren ûntbrekt it ús oan minsken dy hjir by helpe wolle en kinne.

Foar in protte âlders ek net ferkeard om harren, omwille fan de bern, hjir yn te ferdjipjen.

Hawar, wy geane de kommende tiid foarearst troch mei de kontakten fia it basis ûnderwiis.

Dizze maitiid binne de greidefûgels wer oan bar. Ien kear útlizze op skoalle en ien kear it fjild yn as it waar en de oanwêzigens fan de fûgels it talit. It fierljeppen is hjir it moaiste ûnderdiel fan. Sjoch de foto hjirûnder. Dat dogge wy de lêste tiid by de sportfjilden yn Oentsjerk.

Dit kin ûnder lestiid mar ek middeis nei skoaltiid. It foardiel dêrfan is dat wy, as it sa útkomt mear tiid hawwe en de bern dy't komme ek ynteressearre binne. Hja kieze der dan foar. Alders binne ek altyd wolkom om mei de bern wat kennis oer de natuer op te dwaan.

De bern fan groep 6/7/8 fan de IBS It Kruirêd dogge mei oan it readsturtsje (gekraagde roodstaart) projekt. Dit hâld yn ûnder lestiid it meitsjen fan 10 nêstkastkes foar it readsturtsje en mei it fjild yn om se op te hingjen yn de âlde beamwâlen fan Jan Vijverda yn de Mûnein. Jan hat hiele âlde elzesingels mei beammen fan mear as 60 jier âld en hy hat de singels yn behear by de Noardlike Fryske Wâlden.

In geskikt leefgebiet foar it readsturtsje. En it soe moai wêze as der in pear bern mei wolle om te sjen as der yn de rin fan de tiid ek yndied readsturtsjes yn briede. Want dêr giet it om. Dit selde projekt hawwe wy yn 2018 dien mei IBS Sinnehonk fan Aldtsjerk. Doe sieten der allinne mar miezen yn te brieden.





Fjildrop



Financieel overzicht 2018/2019

Geert Dijkstra

Inkomsten			
Omschrijving	Begroting 2018	Rekening 2018	Begroting 2019
1. Saldo rekening courant	2.837,00	2.837,16	3.649,00
Saldo excursie rekening	266,00	266,00	438,26
2. Saldo spaarrekening	3.541,00	3.541,00	3.541,00
3. Contributies	2.650,00	2.755,60	2.450,00
4. Excursie West Havelland		4320,00	
5. Rente	0,50	0,35	0,50
6. Opbrengst verloting	350,00	301,00	300,00
7. Advertentie's ``Fjildrop``	450,00	467,75	450,00
8. Koekactie	600,00	159,00	600,00
9. Diversen	1.000,00	1734,03	1.000,00
Totaal	11.694,50	16.381,89	12.428,76
Uitgaven			
Omschrijving	Begroting 2018	Rekening 2018	Begroting 2019
1. Secretariaat	150,00	254,46	200,00
2. Leden/Best. Vergadering	550,00	605,05	600,00
3. Nazorg/Nestkast/Ringact	500,00	322,96	400,00
4. Uitgave ``Fjildrop``	1.800,00	1667,63	1.750,00
5. Afdracht B.F.V.W.	1.000,00	980,00	950,00
6. Kosten verloting	125,00	107,26	125,00
Kosten exc. W. Havelland		4.147,74	
7. Attenties	50,00	112,95	100,00
Kosten Koekactie	200,00	176,40	200,00
8. Diversen	250,00	379,27	300,00
9. Kosten afd. Jeugd	500,00		500,00
10. Reservering Jubileumfeest			2500,00
Saldo rekening courant	2.762,50	3.648,91	3.324,76
Saldo excursie rekening	266,00	438,26	438,00
Saldo spaarrekening	3.541,00	3.541,00	1041,00
Totaal	11.694,50	16.381,89	12.428,76



Technisch Bedrijf

Tjeerdsma b.v.

Elektrotechniek - Verwarming - Ventilatie - Gas - Water - Sanitair
Zinkwerk - Dakbedekking

Al 100 jaar

OENTSJERK - RENGERSWEG 10 - TELEFOON 058-2561264 - FAX 058-2562776



Toelichting financieel overzicht 2018/2019

Inkomsten:

- Ad. 3** Ondanks dat het ledenaantal verminderd is, toch nog meer inkomsten dan verwacht, hartelijk dank daarvoor.
- Ad. 5** De renteopbrengst is helemaal te verwaarlozen, ondanks dat we een mooi bedrag op de spaarrekening hebben staan.
- Ad. 6** De opbrengst verloting is lager dan begroot, er worden minder loten verkocht tijdens de ledenvergaderingen.
- Ad. 7** De advertentie inkomsten zijn iets meer dan volgens begroting.
- Ad. 8** De opbrengst koekactie is veel lager dan begroot, dit komt omdat er tijdens het opmaken van het financiële verslag alle opbrengsten nog niet binnen waren. Maar in totaal hebben we dit jaar 2019 20 dozen koeken verkocht. Alle verkopers die hebben meegewerkt aan de koekactie, namens het bestuur bedankt voor jullie medewerking.
- Ad. 9** Opbrengst diversen is flink hoger dan begroot, een bedrag binnen gekomen van de BFWW beheer monitoring. Verder bedragen ontvangen van Trynergie en verkoop van veel nestkasten en opbrengst verkoop otter.

Uitgaven:

- Ad. 1** De secretariaat kosten zijn hoger dan begroot mede veroorzaakt door aankoop acceptgirokaarten.
- Ad. 2** De kosten van leden en bestuursvergaderingen zijn iets hoger dan begroot, veroorzaakt doordat de lezingen duurder zijn geworden.
- Ad. 3** De kosten van nazorg en ringactiviteiten zijn ook flink lager dan begroot, de voorgaande jaren waren er meer kosten.
- Ad. 4** De kosten van de Fjildrop zijn ook fors lager, veroorzaakt door minder portokosten van het versturen van de Fjildrop naar de buitenleden.
- Ad. 5** De afdracht BFWW is mooi binnen de begroting gebleven.
- Ad. 6** De kosten van de verloting zijn lager dan de begroting, veroorzaakt door iets minder prijzen te kopen.
- Ad. 7** Attenties zijn hoger dan begroot veroorzaakt door activiteiten.
- Ad. 8** De kosten diversen zijn fors hoger uitgevallen, veroorzaakt door plaatsen van een advertentie in de krant, verder zijn dit bankkosten en kosten gemaakt voor de website.
- Ad. 9** De kosten voor de jeugd zijn er dit jaar helemaal niet gemaakt.
- Ad. 10** Voor het jubileumfeest is € 2500,00 gereserveerd.

De kascommissie bestaat uit de heren O. Banga en K. Noordenbos.
Opgemaakt door de penningmeester Geert Dijkstra

**OLIJSMA
AUTO GIEKERK**

*De specialist op het gebied van verkoop,
onderhoud en schade van auto's*

DÉ VOLVO EN FIAT SPECIALIST!
Kijk op de website voor al onze nette en goed geprijsde occasions.

Auto verhuur • Vervangend vervoer • Moderne werkplaats
Kwaliteit & service • Showroom • Lease Service Center

AUTOOLIJSMA.NL

**Nieuwe adres:
Rinia van Nautaweg 2B
9061 AE Gytsjerk**



Fjildrop



www.dorenbosarchitekten.nl 058-2562003



AUTOGARAGE FENNEMA

**ALLE MERKEN - REPARATIE
APK - AIRCOSERVICE
ONDERHOUD LEASEAUTO - PECHHULP**

Dr. Kijlstraweg 14, 9063 JB Mûnein
(058) 256 14 08 • 06 - 21 84 04 66
info@autogaragefennema.nl



WWW.AUTOGARAGEFENNEMA.NL



Ulen en rôffûgels

Pyt fan de Polder

De **hoarnûlen** (ransuil) hawwe, foar safier ik wit, gjin jongen grut brocht yn it ôfrûne seizoen. Iksels ha neat heard en der binne gjin meldingen binnenkaam.

Op it roestplak yn de Mûnein sieten dizze winter 21 ûlen. Dat foel noch net ôf. Yn Gytsjerk 7. Hjir wol op in oar plak as ferline jier want de konifearen wiene der ôfseage. Oan de Ie by Bartlehiem sieten 12, de helte minder as ferline jier en by Wyns mar ien. As der it ko mmende seizoen wer gjin jongen fernaam wurde meitsje ik my wol soargen oer dizze moaie ûle soarte.

Dat jild ek foar de **wâldûle**. Yn oktober hawwe wy yn Stania State wolris twa heard mar dernei wie it wer stil. De hiele simmer hat der ien oerdei yn in holle beam sitten.

Mar se kinne ek hiel stil wêze as it pearke earne in plak fûn hat en dan binne se yn de winter oan't aai lizzen en brieden.

It soe moai wêze om ris jongen te hawwen yn Stania State. Sjoch foto's hjirneist.



De **fjildûle** hawwe wy ôfrûne seizoen net heard as sjoen. Gjin briedgefallen en gjin sliep (as roest) plakken yn de winter. Dit hinget ek allegearre fan de mûzestân ôf. Ik hearde dat der by Snits en Boalsert yn de buert wol in tal fjildûlen oerwintere hawwe.

De **goudûle** hat it mei 39 ringe jongen yn Trynwâlden en de oare Wâlden gemiddeld dien.

It foel op dat der guon nêstkastkes wiene wêr't de jongen ferlitten wiene, te licht, as net alle aaien útbret. Dat jout oan dat der te min fretten wie om in legsel goed te folbringen. Op de klaai binne der amper jonge goudûlen west. De âlden kamen net oan brieden ta. In strange winter mei in protte snie der efter oan en de soarte kin wol wer op de reade list.



Boppe: wâldûle yn in holle beam
Under: jonge wâldûle

It kommende seizoen begjint yn febrewaris al mei it útsykjen fan de briedplakken fan de

mûzebiter. Meastal yn de selde buert as oare jierren mar de beam sels kin wolris ferskille.

As der noch gjin blêden oan de beam sitte kinst it nêst makliker sjen. Ferline seizoen wie it briedrissultaat fan dizze fûgel ek gemiddeld. Der komme eins gjin nije briedplakken by.

De **reade wikel** hat ek krekt as de ûlen lêst hân fan it tekoart oan mûzen. Mids jannewaris seach ik by it nêstkastke fan Piet van der Beek al wer in reade wikel yn de kast sitten. Net let, ik tink mei troch de sêfte winter oan't no ta. It wie ek it earste briedgefal yn de Trynwâlden.

De **brúne hoanskrobber** sjochst faaks net oer de kop mar it nêst is hast net by te kommen. De nêstplakken lizze op sompige plakken yn de natuerreservaten en binne net te berikken.

Wy hawwe dan ek gjin skatting fan it tal jongen wat grut wurden is. De iennige wize is om te sjen wat der letter as jong omfleant. Der wiene it ôfrûne jier wol minder briedgefallen as in jier earder. Yn de Bouwepet hat nei alle gedachten ien mantsje twa wyfkes betsjinne.


De briedsúksessen fan de **sparwer** hawwe te krijen mei de stienmurd tinke wy. Ferline jier binne op twa plakken de jongen rillegau út it nêst helle. Dit jier mar ris wer sjen hoe as it giet.

Trochdat de **hawk** hjir ôfrûne seizoen net bret hat koe de **blauwe wikel** ien jong grut bringe.

It jong hat oan't ein fan septimber / begjin oktober noch omflein. Opfetsje foar de reis nei Afrika. Dernei hawwe wy him as har net wer sjoen. Dit jier mar better yn de gaten hâlde.




Fjildrop



KAFEE IT WAPEN FAN FRYSLAN



*Speciaal bierkafee
& itery*



Ook voor uw: vergadering, receptie, feestje

Jurjen & Maaike Boonstra

Rengersweg 51, 9062 EC Oentsjerk • (058) 256 17 47 • jurjen@kafee.nl

www.kafee.nl

ADG



AUTOBEDRIJF

BAUKE DAMSTRA

Nieuwe Straatweg 44 - 9061 CP Gytsjerk - Tel. 058 -2562992

**kwaliteit
goede service
scherpe prijzen**





Briedsoarch

Pyt fan de Polder

Sa as de measten wol witte; hjir falle by de BFVW alle fûgels ûnder útsein de greidefûgels, dat is in oare groep. Under oare de swellen, lytse sjongfûgels, wetterfûgels mar ek de ûlen en de rôffûgels hearre der by. Fan de boppeneamde soarten hawwe wy in protte wurk. It folgjen fan de nêstplakken en de resultaten fêstlizze. As de fûgels yn nêstkastkes briede dan is it net muoilik, mar mei namme as de nêsten yn beammen sitte en elke kear wer op in oar plak, sa as by de mûzebiter, nimt it nochal wat tiid. Mar in seizoen neat dwaan heart net ta de mooglikheden. Wy misse dan ynformaasje yn in langere rige fan waarnimmingsen.

Wat de swellen oanbelanget wolle wy mear mei keunstnêsten wurkje foar de wytgatswel. Dizze soort hat it net maklik mei troch de drûchte fan de lêste simmer. De nêsten miterden fan de gevels ôf, sa droech wie harren boumateriaal.

De swelletille yn de Mûnein sil ferhúzje nei Burdaard. Dizze tille is fan Henk Minkes en Henk giet yn april ferhúzjen nei Burdaard. Hy wol de tille graach op it hiem hawwe, fandêr.


Der is yn de twa jier dat de tille yn it nijbouplan fan de Flaaksickers stien hat net ien swel by west.

As wy wer ien hawwe wolle sil de peal heger wêze moatte en de swellen mei lûd lokje moatte.

It kin wêze dat der dan wytgatswellen en toerswellen yn komme. Dy wolle wy graach yn it doarp sjen.

Wy hawwe alle nêstkastkes yn de bosken fan de Trynwâlden wer neisjoen en it nije briedseizoen kin wol wer begjinne. Derby krigen wy help fan twa skoalbern fan IBS Sinnehonk út Aldtsjerk. Sjoch foto hjirûnder.

Yn it ramt fan it readsturtprojekt binne wy fan doel om by IBS It Kruid út Mûnein noch 10 nêstkastkes foar it readsturtsje te meitsjen. Dizze komme dan te hingjen yn in de âlde elsensingels fan Jan Vijverda. De singels binne krekt nei de oarloch oanplante en der is neffens Jan nea wer yn kappe. Dit is wol bysûnder want meastal wurde dizze wâlen om de 21 jier kappe om wer nije opskoat te foarmjen. Ek wol nijsgjirrich is it om de grutte eksterspjocht (grote bonte specht) ris te folgjen. It giet dan om sa folle mooglik briedplakken yn de Trynwâlden yn kaart te bringen. Wa't hjir niget oan hat kin him as har melde by my.





De Trochreed



Voor uw:

- * groepsdiners * bruiloften
- * koude / warme buffetten * vergadering
- * buitenlandse buffetten * recepties
- * gourmetparty's * reunie

Zalen van 20 tot 200 personen.

Reserveringen op afspraak

Tel.: 058 256 11 48 b.g.g. 256 29 30

Fax: 058 256 36 99

"DE TROCHREED"

Fam. R. Jullens

Bosweg 27

9067 DM Roodkerk



Terras / serre aan het water

Geschikt voor al uw: recepties, vergaderingen,
koud- en warmbuffet, barbecues, enz.
Bij ons wordt geen zaalhuur berekend.

Luxe broodjes , diverse plates en snacks (ook afhalen)

Verhuur van: tent (div. maten), biertap en statafels.

Ook voor catering.



Het gezelligste café
aan de elfstedenroute!

Tot ziens bij: Henk en Jannie Breeuwsma
v. Sminiaweg 107, 9064 KG Aldtsjerk
Tel. 058-256 33 00 - www.cafemoarkswal.nl



MASSAGEPRAKTIJK KEIMPE DE VRIES

Voor sportmassage, massage bij kanker,
ontspannings- en hotstone massage

Nieuwe Straatweg 34

9061 CP Gytsjerk

www.stijvespieren.com

058 256 34 19

06 12 95 92 00

keimpedevries@zonnet.nl

**DE LEKKERSTE KOEK
VINDT U BIJ DE
NEDERLANDSE
KOEKKAMPIOEN!**





40 jier -Fûgelwacht Trynwâlden- 40 jier

Henk Minkes

Dielen fan dit stik ha earder al, bij it 25-jierrich bestean, yn'e Fjildrop stien. Weromsjen is yn dit jubileumnûmer bij 40 jier fûgelwacht op syn plak en dan komme foar in part deselde dingen oan de oarder.

De oprjochting

De fûgelwacht yn Trynwâlden bestiet op 10 april 2019 op'e kop ôf 40 jier.

Oer wat oan de oprjochting foarôf gie skreau âld-foarsitter Jan Faber it folgjende:

"It lân wie troch sleatten ferdielt op in manier dêr't gjin logika yn siet. In reed rûn der trochhinne, dat de fersnippering fan dat lân noch slimmer makke. Hjoed de dei stean ik dêr wol ris, doch de hannen foar de eagen, ticht dwaan allinne is net genôch, en probearje it byld fan doe werom te heljen. Troch hiel fier yn 't ferline yn 'e kop te graven, slagget my dat soms. Op 'e hoeke fan in stik lân, by in trijesprong yn 'e sleat, hie in tûfein syn nêst, hie Anne K.I my ferteld. Ik der hinne, mar ik wie fernuvere, der lei ien hiel lyts aike by 8 gewoane, nea earder sjoen. Yn it Burgumer krantsje, hûs oan hûs, stie in lyts artikeltsje fan in fûgelman dy't graach nijsgjirrige fûgelingen witte woe. Hy wenne yn de Ulbe van Houtenstrjitte, syn namme wie De Vries, wol wis in "import", want ik koe de man net. Ik skille him, en hy woe daliks wol komme. It wie sneintemoarn en fiif minuten letter, dêr wie hy al. Ik de learzens ek oan, wy de reed del rjochting it fjild. Underweis seach ik him ris op en del oan út myn eachhoeken en tocht, dizze man hat wol earder it fjild yn west. Wy praten wat oer dit en oer dat en op in gegeven momint koe ik it net litte en sei: "Jo witte hiel wat fan fûgels, hwat dogge jo foar de kost?" Syn antwurd wie ferbjusterjend, "ik bin de nije notaris!". Mar ik liet my net kenne en feroare net fan praat of hâlding. Fan dy dei ôf wiene wy freonen en it oare jier yn 'e maitiid, waard de Fûgelwacht Trynwâlden oprjochte. In goeie set en dat is it oant no ta noch altyd. De trije kopmannen doe wiene Jaap Auke de Vries, Tsjearde Geertsma en Johannes Wiegersma. Se hellen 15 man yn 't bestjoer, dat wie tefolle fansels en doe't nei de tragyske sykte fan Jaap ik foarsitter waard, is dat werombrocht nei 7, sa as no noch. Wat wy allegearre belibbe hawwe mei it wel en wee fan sa'n klup, dêr is hast in boek oer te skriuwen, mar ik tink dat elk syn eigen ferhaal wol hawwe sil."

No, in boek skriuwe wy hjir net, wol in oersjoch fan in tal saken dy't it beneamen wurdich binne. De measte fûgelwachten yn Fryslân binne, sa 't jimme grif witte, oprjochte tusken 1946 en 1950. Wêrom yn de Trynwâlden pas in 1979 tinke je dan. Yn de earste útjefte fan de Fjildrop (doe hiet dat Mededelingenblad) is dêr oer it folgjende te lêzen:

"Op initiatief van enkele natuurliefhebbers uit de Trynwâlden, is met name door de strenge winter van 1979, waarin onder meer veel voor de noodlijdende vogels werd gezorgd, het idee naar voren gekomen om in de Trynwâlden een Vogelbeschermingswacht op te richten. Het idee ging uit naar een zo sterk mogelijke vereniging, bestaande uit alle vijf de dorpen van Trynwâlden.

Waarom? De Trynwâlden beschikken over unieke biotopen: met name het Wielengebied met zijn ontelbare overwinteraars en veel voorkomende soorten watervogels, de bossen en parken van Oenkerk, Oudkerk en Molenend en niet te vergeten het uitgestrekte weidegebied rondom de Trynwâlden, kortom, een gebied waar wij als Trynwâldsters trots op mogen zijn; waar we zo veel mogelijk de voorkomende fauna en flora dienen te beschermen en tevens het bestaan hiervan onder de aandacht van de inwoners te brengen.

In Trynwâlden wonen veel mensen, welke zich nauw bij de natuur betrokken voelen. Het eerste contact is vooral met deze mensen gezocht om uit de startblokken te treden. Ook oud-vogelwachters van Giekerk (sinds 1968 opgeheven) en die van de vogelwacht te Oudkerk (niet meer werkzaam sinds 1976) staan positief tegenover dit nieuwe plan. Op de eerste bijeenkomst van de initiatiefnemers in begin maart 1979, zijn negen mede-initiatiefnemers naar voren gekomen. De bedoeling is namelijk om een groot bestuur te vormen, om zodoende een uitgebreid programma uit te kunnen voeren."



Fjildrop



Fansels dat jo yn it earste blêd fan jo nije feriening op sa'n wize beskriuwe wat der bard is. Mar grif is dêr hiel wat oan foarôf gongen. Dat de fûgelwachers fan Gytsjerk/Oentsjerk en fan Aldtsjerk posityf tsjinoer de plannen stien kin ik wol begripe, mar foar de krekt oprjochte wacht yn Mûnein/Readtsjerk hat dat efkes oars lein. Dochs hat, nei it earste inisjatyf fan notaris Jaap de Vries, de oprjochting flot stâl krigen. Jaap de Vries, in fjild- en fûgelman yn ieren en sinen, seach ek dat it der mei de fûgelwacht yn de Trynwâlden net bêst hinne lei.

Hy hat doe ris hifke hoe't oaren der oer tochten. It die bliken dat mear minsken yn de gaten hiene dat der wat barre moast. Hy sammele in ploechje fûle natuer- en fûgelminskten om him hinne. En der hawwe grif hiel wat tûkelteammen west. In man, dy't soks yn gong set en ek ta in útdragen saak bringt, moat wol in taktikus wêze, mei oertsjûgingskrêft en trochsettingsfermogen. En it die bliken dat Jaap de Vries sa'n man wie, fansels mei in protte stipe fan in lyts ploechje om him hinne. Dat it kaam klear.



Op dizze foto stiet it algemien bestjoer dat gearstald wie út minsken fan trije lokaasjes (Gytsjerk/Oentsjerk; Aldtsjerk/Readtsjerk en Mûnein/Readtsjerk), mei elkoar 14 bestjoersleden. It binne op de boppeste rige fan links nei rjochts: Klaas van der Veen; Foppe Visser; Sake Woudstra; Siebe Rekker; Willem Bil; Jaap Visser en Keimpe Visser. Op de ûnderste rige Jaap de Vries, Johannes Wieggersma; Tseard Geertsma; Lubbert Boersma; Hans Dijkstra; Jan Faber en Age Kinderman. Freerk Lageveen ontbreekt op de foto.

It earste bestjoer bestie dus út sa'n 15 man, sa'n grut bestjoer hat yn it earstoan grif ek nedich west om oan inoar te wennen en, sa giet soks faak, de kat út de beam te sjen: hoe sil dit komme. Mar nei ien as twa jier wie men al sa bot went oan de nije situaasje dat it bestjoer wol lytser koe. Der is oergongen nei in bestjoer fan 7 leden. Ek kaam der yn dy snoarje in oare foarsitter. Jaap de Vries moast betankje om't hy mei in slimme tebekset yn sûnens te krijen hie. Nei't Siebe Rekker as plakferfangend foarsitter in skoft de lieding hân hie, waard Jan Faber de nije foarsitter. Nei dy earste jierren hat hy lieding jûn oan de Fûgelwacht Trynwâlden oant 2000 ta, doe ha ik sels de foarsittershammer fan him oernommen.

De Fûgelwacht Trynwâlden sloech fuortendaliks oan by de minsken. By de oprjochting wie der 180 leden, 7 wiken letter al 300! Der binne op it hichtepunt sa'n 420 leden west. Op dit stuit binne der 330 minsken as famyljes lid fan de fûgelwacht, wêrfan in lytse 50 út de bûtengewesten. De lêste jierren sakket it troch ferhúzjen mar foaral troch fergrizing. Ek is der sûver gjin sprake fan jongske oanwas.





Aktiviteiten

In nije feriening wurdt oprjochte om't der foarnimmens binne. Dizze foarnimmens binne ek yn it earste Mededelingenblad beskreaun:

“De doelstellingen van de Vogelwacht zijn o.a.:

- *het verschaffen van broedgelegenheid aan verschillende vogels door middel van het ophangen van nestkasten en nestkastjes en het uitzetten van eendenkorven.*
- *het begeleiden van de weide- en watervogels d.m.v. het stichten van vogelreservaten, het nemen van voorzorg o.a. markeren van nesten voor de werkzaamheden op het land; het plaatsen van nestbeschermers, het geven van nazorg en het uitoefenen van toezicht. Zeer belangrijk is hierbij de medewerking van de veehouders en landbouwers.*
- *het voederen van de vogels in strenge winters; het maken en openhouden van wakken en de verzorging van de vogels bij de wakken.*
- *het inventariseren van vogels in de **Trynwâlden**, zowel onze broedvogels als onze wintervogels en doortrekkers.*
- *het signaleren van gevaren die landschap en dieren in ons gebied bedreigen en het stimuleren - zo nodig en mogelijk - van activiteiten, die deze gevaren trachten tegen te gaan.*
- *het houden van lezingen, het vertonen van films en het organiseren van discussies, inzake onderwerpen die met de natuur in het algemeen en de vogels in het bijzonder te maken hebben*
- *het houden van excursies naar natuurgebieden.*

Voorop staat: De inbreng van onze leden!”

It is aardich om nei 40 jier nei te gean wat fan al dy foarnimmens op 'e hispel kaam is. Faaks is it net sa swier om earne mei te begjinnen, it earste entûsjasme is der wol, mar om it ek troch te setten en as it kin út te wriedzjen is in keunst! In grutte aktiviteit is fansels de **neisoarch**. Mar ek oan **de ekskurzjes, it fuorjen fan fûgels yn de winter, it hâlden fan lêzingen, diaseries en films** wurdt omtinken jûn. Alle jierren wurde op in beskieden skaal nêstkastkes ophongen. Net as doel oanjûn, mar fansels tige wichtich is de kommunikaasje mei de leden: de **Fjildrop**. En de lêste jierren is dêr de trochstart fan de **jeugdfûgelwacht**.

Neisoarch

It doel is “het begeleiden van weide- en watervogels”. Dat dogge wy yn Fryslân op grutte skaal. Mei as grutte stimulator yn Fryslân Sjoerd Span út Stiens is yn de jierren 1946 oant omtrint 1950 op grutte skaal yn Fryslân de neisoarch ynfierd. It neisoargjen jout de fjildminsken en aaisikers altyd in protte fertier. Dat dit wurk (net allinnich yn de Trynwâlden mar yn hiel Fryslân) in grut sukses is, docht wol bliken út it feit dat de lêste jierren besocht wurdt in selde opset yn hiel Nederlân fan de grûn te krijen. En ek al wol de lanlike feriening foar fûgelbeskerming yn Zeist neat fan aaisykjen witte, hja steune en promove no lanlik dit troch Fryske aaisikers betochte model tige aktyf. Yn de measte provinsjes is sels in koördinator oan it wurk om de neisoarch op te bouwen. Mar jo hearre fan de lanlike fûgelbeskerming oant no ta net dat de neisoarch yn Fryslân al mear as fyftich jier in sukses is.

De neisoarch is dus fuort nei de oarloch opsetten yn in tiid dat der noch mei hynder en wein wurke waard en mei de hân molken. De earste trekkers (wy sizze no trekkerkes) en melkmasinen waarden stadichoan in fertroud byld yn it fjild. Dan wurdt der no al oars wurke op it lân. Net dat we werom moatte nei dy tiid (it hie mear sfear as no), mar dy feroaringen hawwe laat ta de hjoeddeiske grutskaligens yn de bewurking fan it lân. De grutskaligens hat it belang fan de neisoarch folle en folle grutter makke, ek al tinke guon boeren sels faaks noch sa goed om de fûgels yn it fjild.



Hjir giet it yn de neisoarch fansels om: it beskermjen fan de nêsten

Foto: Thaddeus Oosterbaan

Nei de oprjochting fan de fûgelwacht hat Johannes Wiegiersma de neisoarch oppakt en útwreide. Hy hat minsken stimulearre, ploechjes gearstald, rayonkoördinators socht, nei de boeren ta west te praten en gean sa mar troch. Hy makke elk jier in wiidweidich ferslach oer de neisoarch, mei grafykjes en útlis yn de Fjildrop. Ik tink dat wy as fûgelwacht der grutsk op wêze kinne dat de neisoarch sa goed regele is. Om't hy sa fûleindich hjiroan wurke hat, is der yn en om de Trynwâlden sa'n 2000 bunder wêr't neisoarch dien wurdt troch sa'n 100 minsken. In wurd fan wurdearring is hjir dan ek op syn plak! It hat in bealch fol wurk west. Dat blykt ek wol: it is trije jier lyn oernaam troch trije oare minsken: Jelle fan der Bij (koördinator), Jappie Seinstra (gegevensferwurking) en Henk Minkes (stikjesskriuwer en link nei it bestjoer).



Fjildrop




En ek dy trije hawwe it der drok mei. Mar de measte tank giet fansels nei de neisoargers yn it fjild en de boeren! Want ek al giet de fûgelstân stadichoan efterút, sûnder neisoarch hie it der grif minder foarstien. En die efterûtgong hâld oan. It aaisykjen is no ferbean, (jo kinne noch wol in earste aai melde). Der binne no noch sa'n 65 minsken dy't neisoarch dogge op dy 2000 bunder. We sjogge dat fûgels yn hegere konsintraasje foarkomme yn de gebietsjes dy't splis setten wurde (plasdras.)

Neist de neisoarch wurdt ek neamd it oprjochtsjen fan fûgelreservaten. De fûgelwacht hat in manich jierren in reservaasje hân yn de Halligen, by de krusing fan de Halligen en de Ottemawei oan. Dit reservaasje is der net mear. It is ek net nedich, want der binne de lêste jierren in protte reservaten en natuergebieten by kaam. Sjoch mar nei de Ryptsjerkerpolder, de Binnemiede, de Houtwiël ensfh. Dêrmei is de needsaak fuort om yn ús fûgelwacht noch in eigen reservaat oan te hâlden.

Hjirûnder in lyts grafykje fan Jappie Seinstra mei de stân fan de greidefûgels yn it topjier 1984 en yn 2018. Dat jout in byld fan in ferdûbeling fan it tal bunders mei neisoarch. Mar ek fan folle en folle minder greidefûgels. In punt fan grutte soarch foar ús. We besykje fan alles (tink ek oan gebietsjes dy't plas-dras steane en sa fierder).

jier	grutte wachtgebiet	oantal briedpearen			
		ljip	skries	tsjirk	strânljip
1984	1075 ha	545	320	167	487
2018	2118 ha	278	147	124	93

Hjirûnder in grafyk fan Jappie Seinstra oer de fûgels yn de 40 jier fan ús fûgelwacht. Dat jout ek in tryst en soarglik byld fan de fûgels. Yn ús gebiet giet it mei in tal oare soarten folle better. Bygelyks de blauboarst (blauwborst), iisfûgel (ijsvogel); bûnte dûkein (waterral); eastein (krakeend) en mear fan dit soarte fûgels.





Ekskurzjes

Op it mêd fan ekskurzjes is eartiids in begjin makke mei lytse ekskurzjes fan in dei yn Fryslân en letter ek fierder yn it lân (ik kin my de Oostvaardersplassen noch heuge). Yn it begjin wie der in protte ynteresse foar. Mar nei in jier as wat hiene wy op de measte plakken wol west.

Ek is der ris in ekskursje-wykein nei Flylân hâlden. Dat wie, ha ik heard, in moai reisje. Op Flylân is doe it idee opkaam om ris yn it bûtenlân te sjen. Men hie de smaak te pakken. Dat idee is op-pakt en útwurke troch in pear entûsjastelingen, ik mien Tseard Geerstsma en Jan Faber. Mei de fûgelwacht nei Falsterbø yn 1983. In ploech fan in lytse fjirtich man/frou hat dêr in prachtich lang wykein hân. Foar guons de earste kear nei it bûtenlân. Dat, mar foaral de massale trek fan rôffûgels hat op de measten in djippe yndruk makke. Dêr gean no noch wolris ferhalen oer. Soks



moast wol wer. Dat no is it fêste prik dat der elke twa jier in ekskurzje nei it bûtenlân is. Earst twa kear nei Falsterbø, doe nei Helgolân, wer Falsterbø, nei Rügen (Dútslân), nei Møn (Denemarken), nei Falsterbø, nei Bornholm, nei Jaegerpris, nei Oxbøl en dit jier sille wy wer nei Denemarken. Dêroer kinne jimme yn dizze Fjildrop mear lêze. Jan Faber hat alle ekskursjes oant 1998 regele. Doe hat hy de organisaasje oerjûn oan Thaddeus Oosterbaan en Dick Goslinga. De lêste jierren hawwe Hidde Luinstra, Johannes Mosselaar, Marten van Dalen en ik sels de ekskurzjes organisearre.

Sa'n lang wykein geane omtrint 25 oant 40 minsken op 'n paad. Dat is in hiel apart fenomeen. Sa apart dat de Ljouwerter Krante in kear mei west hat (no ja, in fotograaf en in sjoernalist). In hiele pagina is d'r doe besteegje oan it fûgeljen en it gedrach fan (guon) "fûgelminsk" út de Trynwâlden. D'r stiene prachtige foto's by.

Sa is it printsje hjirneist mar in stikje fan in foto út die krante.

En de ynlieding fan it artikel wie:

"Natuurreizen worden steeds populairder. Er zijn reisorganisaties die zich specialiseren in het organiseren van verre tochten, waarbij ze de klanten ontmoetingen met de vreemdste dieren beloven. De vogelwacht van Trynwâlden doet het anders. Die neemt de leden voor een schappelijk prijsje mee naar de plekken waar de trekvogels zijn. Succes is gegarandeerd. De Trynwâldsters hebben er een heel bijzonder 'Falsterbo-gevoel' aan overgehouden." Us entûsjasme foar fûgels foel op, mar ek ús ferkearsgedrach. Net dat wy te hurd riden mar wol waard der samar op de wei stoppe as der in fûgel fleach as yn it fjild siet. Ek binne der guon dy't wolris in ferbeane wei ynride en sa.

Der is sa stadichoan in soarte fan "hurde kearn" en elke kear binne der ek minsken dy't foar it earst meigeane. Fansels is it folk fan alderhande slach. Soks jout in hiele gesellige sfear, mar somtiden ek fernuvering oer it gedrach fan guons. De iene is wat fûleindiger wat de fûgels oanbelanget as de oare. Guons wolle ek wat fan it plak dêr't wy binne besjen, wat kultureels. Dan moat der mei de oaren oerlein wurde hokker útstapkes makke wurde. Meast meitsje de dielnimmers it inoar safolle mooglik nei't sin.

It moaie fan de ekskurzjes is dat it saneamde "low-budget"-reiskes binne. De earste kearen yn tinten en tintsjes, it iten sels meinaam. De organisaasje fûn en fynt it tige wichtich dat de kosten leech binne, dan kinne safolle mooglik minsken it betelje. De lêste jierren is it al wat lúkser, yn húskes as jeugdherbergen. Somtiden wurdt der foar ús iten soarge, somtiden binne we "selfcatering", mar de priis bliuwt leech. Mar der wurdt elk reisje wer in protte leard troch elkenien.

Fûgels fuorje yn'e winter

As it in langere tiid slim winter is krije de fûgels it dreech. Dan is der alle reden om der foar te soargjen dat de fûgels wat makliker oan de kost komme kinne. Om de huzen hinne kinne jo dêr sels wol wat oan dwaan mei bôle en fetbollen en sa. Hast alle minsken dogge dat ek. Yn it fjild wurdt dat minder. Dus hâlde Jan de Vries en Jan Faber it iepen fjild yn de gaten. Mar as jimme tinke dat fûgels yn it fjild ferlet fan fretten hawwe wolle hja dat graach fan jimme hearre. Dat fuorjen fan fûgels yn de winter kostet jild fansels. Dêrom is it "Fonds wintervoeding Fryslân" oprjochte. Om oan jild te kommen wurdt elk jier yn jannewaris de bekinde koeke fan Tjeerd Visser ferkocht. De oprjocht giet foar it grutste part nei it vogelverzorgingsfonds en foar de rest nei de fûgelwacht Trynwâlden.



Wy ferkochten meast sa'n 50 doazen mei 24 koeken yn elke doaze. In lytse helte, sa'n 500 koeken, is jierrenlang ferkocht troch ien man: Marten van Dalen! Dat is tige bysûnder en dus it neamen wurdich. Yn 2004 is Marten, om persoanlike redenen, ophâlden mei it ferkeapjen fan de koeken.

Briedplakken

